



Moasje ex. art. 36 reglemint fan oarder foar de gemeenteriedsgearkomste fan de gemeente Hearrenfean

Fan : FNP

Oan : De foarsitter fan de ried

Agindapunt : Moasje frjemd oan de oarder fan de dei

Underwerp : Ferbod op it op- en loslitten fan ballonnen

Datum riedsgearkomste : 28 mei 2018

Oerwagende dat:

- We de lêste jierren konfrontearre wurde mei skokkende berjochten oer grutte massa's driuwend plastyk yn seeën en oseeën. Dizze fersmoarging fan it miljeu stiet ek bekend as 'plastic soup'. Ek op strânen en yn bosken, sleatten, op de heide en yn 'e greide wurde we hieltiten faker konfrontearre mei alderhande foarmen fan platstik ôffal dat op de langere termyn skeadlik is foar minske en bist. In part fan dit ôffal bestiet út restanten fan ballonnen dy't by eveneminten oplitten wurde. Yn de top 10 fan meast fûne items yn de natuer stean de resten fan ballonnen op it seide plak;
- Op 9 desimber 2014 hat de Twadde Keamer al in moasje oannaam wêryn de gemeenten oproppen wurde om it oplitten fan ballonnen net te stimulearjen. Sûnt die tiid ha ferskate gemeenten it ferbod foar it oplitten opnaam yn de APV;
- Yn Hearrenfean it oplitten fan ballonnen noch net ferbean is mar it de yntsjinners fan dizze moasje fan betinken binne dat de gemeente Hearrenfean in previntive maatregel nimme moat mei in ferbodsbeplanning yn de APV foar it op- en loslitten fan ballonnen;
- Dit ferbod soe taheakke wurde kinne by Haadstik 4, ôfdieling 2. Boaiem, wei en miljeu fersmoarging;

Stelt fêst dat:

- Plastysk yn de foarm fan swerf ôffal in bedriging is foar it miljeu;
- It oplitten fan ballonnen ûnderdiel is fan dizze fersmoarging;
- Der oare foarmen en mooglikheden binne om gefoelens by eveneminten kenber te meitsjen;

Draacht it kolleezje op:

om yn de riedsgearkomste fan 16 july mei in útstel te kommen foar in oanpassing fan de APV mei ferbod komt foar it oplitten fan ballonnen yn wedstriidferbân

Undertekening(en): FNP, D66, GrienLinks, GB Heerenveen, Heerenveen Lokaal, SP, PvdA, CDA, ChristenUnie

Dizze moasje is : Oernaam

Stimferhâlding:

Fraksje(s) foar: FNP, D66, GrienLinks, GB Heerenveen, Heerenveen Lokaal, SP, PvdA, CDA, ChristenUnie

Fraksje(s) tsjin: VVD

Hantekening griffier: